

„De Fryske Poppekast” komt ta nij libben

Barends wurk wurdt fuortset fan Wigle Ruiter en Lysbeth v. d. Werf

De forneamde poppekast fan Barend van der Veen silger (letter fan syn soan Piter van der Veen) dy't al in jiermannich útinoar op'e souder lei, komt werom en sil grif lykas fan âlds de Fryske bern in hopen wille bisoargje. Lysbeth van der Werf (nou to Urterp) en Wigle Ruiter (to Sint Nikelsgea) hawwe him to brûken krige fan de famylje Van der Veen en sille der mei gauwens mei fuort. De earste foarstelling wurdt hâlden op 12 augustus (de middeis) yn it wenplak fan Wigle Ruiter, yn it ramt fan in winkelwike. In ûre lang sille de bern fan Sint Nyk dan genietsje kinne fan it stik, dêr't Barend en letter Piter ek altiten sa'n sukses mei hawn hawwe, to witten: „It kofjebeantsje (of: It negerjonkje). Hwant ek it âlde rippertoire hawwe Lysbeth en Wigle oernommen.

Ruiter („Ruter”), dy't als jonge Barend en Lysbeth al spylje sjoen hat („it sil my nea forjitte”), hat sels — hy is nou fiif en tweintich — ek gauris mei de poppekast op stap west, mar dat wie syn eigen en yn it Hollânsk. Mei in gûcheldersnûmer koe er dan in midde

folmeitsje. Hy is lid fan de „Nederlandse vereniging voor het poppenspel” en hat wakker niget oan alles hwat mei poppen en poppespul gearhinget. Lysbeth van der Werf hat fan 1946 oant 1954 mei Barend de poppen yn „De Fryske Poppekast” ta libben brocht en al is dat dus al in hiel set forlyn, hja wit noch tige skoan hwat har aenst mei de poppen yn'e hûs of leaver de hân yn'e poppen to dwaen stiet. It is deselde kast dêr't hja doe ek yn stie, dy't nou wer troch Fryslân reizgje sil: allinne der is in nij ramt yn set en it gehiel kin nou makliker opset en ôfbrutsen wurde. Mar de hichte is deselde bleaun: „wy moatte op'e stoel stean.”

De poppen — sawn fan minsken en ien fan in bist — binne ek de oarspronkelike „artysten” en Lysbeth en Wigle sille mei har beiden dan ek foar sawn stimmen soargje moatte om de spylers en spylsters yn „It kofjebeantsje” ta libben to bringen. Hja rippetearje fansels al drok, al is it ôfwachtsjen — sa sizze hja beide — hoe't it aenst rint. Mar as men wit, dat

der nou noch altiten oanfragen by de Van der Veens ynkomme foar de Fryske poppekast, dan kin it net misse,

of der sil wol wurk oan 'e (poppe)winkel komme.

Wigle Rutter en Lysbeth van der Werf binne hwat de werberte fan „De Fryske Poppekast” oangiet min of to near tafallich byinnoar kommen. Hja spylje beide yn „It Fryslân-toaniel” en koene elkoarren dus al. Doe't Wigle it oer in nije Fryske poppekast hie, wie Lysbeth ynienen ek fol fjûr. Dat nou sille hja it togearre bisykje. Earst mei ien stik en op de wenstige menear, mar letter faeks ris mei in nij programma en near yn de „ekspearimintele” trant. Dat stiet Wigle alteast wakker foar eagen. Hy is de man dy't de plannen makke hat en by him thús yn Sint Nyk stiet ek de kast en húsmanje de kostlik-moaije poppen. Hy is tige wiis mei de nije mûglikheit dy't der kommen is en Lysbeth hat der ek o sa'n nocht oan.



Sa sil „De Fryske Poppekast” mei Wigle Ruiter (lofts) en Liesbeth van der Werf efter de skermen skielk troch Fryslân reizgje.